

Fryske bea

útbrocht op de LP/CD Frustraasjebloes

o, hear, hear no ús fryske liet út it lân fol rom en eare	Dm	
wy sitte yn de knipe, dat wol jo ús winsk ferheare	Dm	
wy fiele ús yn Fryslân diskrimineare	C	Dm
wolle wy dêr wat oan dwaai, dan moatte wy aveseare	C	Dm

wy friezen ha de kâns net hân, wy ha net meidwaan kinnen
wy binne in efterbleaun gebiet fol boeren en boerinnen
lykas wy yn in iepenloftmuseum rinne
it is hjir allegear grien fan bosk en boerefinnen

wy binne inkeld noch mar goed foar stedske rekreaasje
wy binne it griene piknikplak foar de hollânske naasje
sy krije frisse lucht en wy de argewaasje
nee, jou ús dan mar yndustrialisaasje

o, hear kin jo foar ús hjir net wat yndustry oanlûke
dat jout wer wurkgelegenheid en dat kin wy wol brûke
dan kin ús brune aanst wat mear lúkse lûke
en och sa slim is't net in bytsje stank te rûken

wy kinne mei jo help de hiele waadsee wol útgrave
dan ha wy fan de wrâld de allergrutste oaljehaven
Rotterdam dy kin dan op ús winken drave
en Frylân wurdt in kamp foar de turkske slaven

stiet Skylge dan fol autoblik dat kin ús neat ferdomme
wat ús betref kin Skiphol-twa noch wol by Jelsum komme
en in atoomfabryk foar neutroanebommen
want jild dat waacht dochs swierder as wat fee en blommen

o, hear, hear no ús fryske liet en wol ús winsk ferheare
de klup fan Rome sei it al: it tij dat sil aanst keare
dus moatte wy yn Fryslân no aveseare
it skip mei jild dêr wolle wy ek fan profiteare!